

**BESTJOEREN EN MEIWURK(ST)ERS****SELSKIP "FRYSLÂN" TE UTERT**

|                                      |   |
|--------------------------------------|---|
| Foarsitter                           | Pietie Westdijk-Kaastra, Het Spoor 20, 3994 AK Houten<br>til. 030 - 2318 224 (pcwestdijk@planet.nl)   |
| Skriuwer<br>en Redaksje Kritekoer    | Jan Piet Bergmans, Langeweg 75, 4133 AT Vianen<br>til. 0347-320093 (j.p.bergmans@casema.nl)   |
| Ponghâlder<br>en lede-administraasje | Yme Fopma, Meerenburgerhorn 6, 3401 CD IJsselstein<br>til. 030 - 6881921 (yme@fopma.eu);<br>Bank: NL05INGB0000194027<br>o.n.f. Ponghâlder Krite Selskip Fryslân |
| Bestjoerslid en Boekferkeap          | Jan Roelants, Joke Smitplein 16, 3581 PZ Utrecht<br>til. 030 - 2010118 (jhw.roelants@online.nl)   |
| Bestjoerslid                         | Harke Hofman, Elzenstraat 3, 4131 AK Vianen,<br>til. 0347-377703 (harkemarga@gmail.com)   |
| Bestjoerslid                         | Richtje de Jong, Paardenbloemweide 37, 3448 TL Woerden,<br>til. 0348- 460 590 (richtjetolsma.67@gmail.com)  |
| Aldereinsaken                        | Frou J. Wielinga, Japuradreef 26, 3563 ED Utrecht,<br>til. 030-261 7816   |

**SELSKIP "MEI INOAR" TE SEIST**

|   |   |
|---|---|
| Foarsitter  | fakatuere   |
| Skriuwer/Lede-administraasje<br>en Redaksje Kritekoer | Ida Knobbe, Pr. Bernhardstr.24, 3981 BN Bunnik,<br>til. 030-6562555 (iknobbe@hccnet.nl)   |
| Ponghâlder  | Nieske Schurer, Saturnuslaan 6, 3721 SG Bilthoven,<br>til. 030-2251447 (nschurer@casema.nl);<br>Bank: NL75INGB0003486499 o.n.f. SELSKIP MEI INOAR   |
| Algemien Adjunkt /<br>2de skriuwer                    | Klaske van Hoeij-de Boer, Kievitstr. 11, 3443 BD Woerden,<br>til. 0348-410039 (kvanhoeij@gmail.com)   |
| Bestjoerslid  | Trieneke Vos, Willem Pijperlaan 18, 3702 AM Zeist<br>til. 030-6916081 (tvos51@kpnmail.nl)   |
| Sosjale Kommisje                                      | Boukje Andringa-Brattinga, Maartensplein 65,<br>3738 GN Maartensdijk, til. 0346-216240<br>(boukjeandringa@kpnmail.nl);<br>Trieneke Vos, Willem Pijperlaan 18, 3702 AM Zeist<br>til. 030-6916081 (tvos51@kpnmail.nl) |

**Foar beide Kritten**

|                       |  |
|-----------------------|--|
| Einredaksje           | Ida Knobbe-Kramer, Prins Bernhardstraat 24,<br>3981 BN Bunnik, til. 030-6562555 (iknobbe@hccnet.nl)          |
| Ferstjoeren Kritekoer | Yme Fopma, Meerenburgerhorn 6, 3401 CD IJsselstein<br>til.030-6881921. Giro 37 69 436, o.n.f. Adm. Kritekoer |

**DE KRITEKOER**

Selskip Fryslân te Utert  
Selskip "Mei Inoar" te Seist

Jiergong 61 nr. 6  
Desimber 2016  
(wintermoanne)

**Ynhâld fan de Kritekoer:****Selskip Fryslân**

- Ledeniys
- Fan de foarsitter
- Ferslach kritejûn fan 25.11
- Ynfo oer nijjiersjûn en stampôtbuffet 07.01
- "Lânskipspine"
- Gedicht "Ald wêze yn dizze tiid"
- Utmûging keatsjûn 20.01

**Selskip "Mei Inoar"**

- Fan de bestjoerstafel
- Nijjiersjûn 14.01: opjaan waarm buffet
- Ferslach kritejûn fan 26.11
- Mear oer 'Alde Fryske Tsjerken'
- "Oantinkens" fan Geke Tukker-Vos
- "In fynst yn Starum" fan Trieneke Vos
- "Fryske kentekens" fan Ida Knobbe
- "Us Wurdskat"-dl.5 fan Albert de Jong
- Stavering B O A T
- Reiske "De Fryslan-nen" fan 13-19.5
- Fryske tsjerketsjinst op 05.03
- Jierdagen

**Redaksje**

- Jan Piet Bergmans
- Ida Knobbe



**NOFLIKE KRYSTDAGEN  
EN IN SÛN 2017 !**

*Fan herte wolkom*

- *op sneon 7 jannewaris: Nijjiersjûn fan Selskip Fryslân, yn 'De Bijkershoek' te Utert*
- *en*
- *op sneon 14 jannewaris: Nijjiersjûn fan Selskip Mei Inoar, yn de Noorderlichttsjerke te Seist*

*Slutingsdatum ynleverjen kopij: 15 jannewaris 2017*

**Selskip Fryslân te Utert**

- Sneon 7 jannewaris 2017: Nijjiersbesite mei stampôtbuffet; lokaasje **De Bijkershoek, Utert** - sjoch ek de siden 4, 5 en middenside
- Freed 10 febrewaris 2017: Toanielgroep fan de krite Boadegraven, Utert en Seist "Nocht en Wille" spilet har nij stik "*Twafertsjinnens yn Twastriid*". Mienskiplike jûn fan de krite Utert en Seist; lokaasje Marcuscentrum, Utrecht
- Sneon 18 maart 2017: Streekferienings Utert (Transwijk, Utert)
- Sneon 1 april 2017: Mienskiplike jûn Utert/Seist: kabaret troch "Noordenbos en Ko" (lokaasje Seist)

**Selskip "Mei Inoar" te Seist**

- Sneon 14 jannewaris 2017: Nijjiersbesite: mei elkoar iten én in moai optreden fan kabaretier Ruurd Walinga. Sjoch side 10 en middenside.
- Freed 10 febrewaris 2017: Toanielgroep fan de krite Boadegraven, Utert en Seist "Nocht en Wille" spilet har nij stik "*Twafertsjinnens yn Twastriid*". Mienskiplike jûn fan de krite Utert en Seist; lokaasje Marcuscentrum, Utrecht
- Sneon 4 maart 2017: Fryske-Krite-kwis, fersoarge troch ús lid Gerrita Otten; in kwis oer Fryske taal, sport, muzyk en mear....
- Sneon 1 april 2017: Mienskiplike jûn Utert/Seist: kabaret troch "Noordenbos en Ko" (lokaasje Seist)

**Redaksje-adressen:**

Selskip Fryslân: Jan Piet Bergmans  
Adres: sjoch lêste side  
Email: j.p.bergmans@casema.nl

Selskip "Mei Inoar": Ida Knobbe  
Adres: sjoch lêste side  
Email: iknobbe@hccnet.nl

**Webstek fan it Boun: [www.fryskbutenfrylan.frl](http://www.fryskbutenfrylan.frl)**



Reisferiening "De Fryslannen" organisearret fan 13 o/m 19 maaie 2017 in moaie reis nei Noard-Dútslân en Denemarken. Kosten: € 535,=, dêrby ynbegrepen: bus, hotel, moarnsbrogge, waarm iten, kofje mei traktaasje, yntrees en de foaiepot.

De reiskommisje hat in nijsgjirrich program gearstald. Yn grutte halen binne de yngrediïnten: Maritimes Museum Westerende-Kirchloog; tsjerketsjinst by Sûderlûgum, besyk oan de bizeflechter te Rodenas; mei de boat nei waadeilân Pellworm; Nordfriesland Museum Nissenhaus te Husum, mei rûnlieding; feestjûn mei sankjes, muzyk, toaniel, ferhalen en gedichten; in dei nei Denemarken, nei Varde mei û.o. in besyk oan it miniatuer stedsje Miniby; besyk oan Schleswig-Holstein; oargelmuzyk fan Doede; ôfskiedsmiel by de Deterner Krug yn Detern.

Foar it komplette programma, of mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei by frou Bonny Poelstra-Dijksma, Ysgumerwei 1a, 8764 PS Dedzjum, tel.0515 - 579133, of e-mail dbpoel@ziggo.nl. *Opjefte/ynfo foar 1 maart 2017.*

**Snein, 5 maart 2017, om 16.00 oere  
Fryske oekumenyske tsjerketsjinst**


yn de Mennistetsjerke, P.van Wieldrecht-  
leane 29 te Seist.

De fêste predikant, dumny Yko van der Goot,  
sil dan foargean. Oargelist: Jaap Kits, Bunnik.

Alle Friezen en net-Friezen binne fan herte wolkom

**Wy lokwinskje ûndersteande 75+-leden mei harren jierdei !**

- 06.01: Dhr.W.Sybesma,  
Driebergen  
11.01: Frou T.Pijlman,  
Seist  
12.01: Frou Y.Bosma,  
Den Dolder



- 14.01: Frou J.Nolte,  
Leersum  
23.01: Frou G.Verbeek,  
Cothen  
27.01: Dhr.A.Nauta,  
Soest

Erratum yn de advertinsje fan De Stugge Fries op it omkaft:  
oanwêzich: net mear yn Hilversum; alle freedts yn Amersfoart;  
om 'e oare wike de sneons (ûneven wike) op de Buurtmarkt yn Soest-Zuid.

B

Earder haw ik wol ris skreaun oer ús griente-saak en letter in pensjon-restaurant yn De Koog op

Texel. Us mem wie tige ûnwennich fan Fryslân en wie bliid om gasten te sjen mei in B-kenteken. "Wêr komme jo wei ....." ensfh.

Se fûn it tige spitich doe't de B en dêrmei de werkenberens ferdwûn. Tsjintwurdich is op ynternet hast alles te finen en n.o.f. in krante-artikel oer kentekens, socht ik gegevens oer Fryske kentekens en lies in aardige anekdoate oan oer de Fryske Kentekenbewizen mei in B. En fûn ik ek noch de ynskriuwing fan de auto fan omke Hendrik, de broer fan ús mem.

Ida Knobbe

Gegevens, yntegraal oernommen fan ynternet: [B-26530](#): Hendrik Meinsma, Jorwerd, gemeente Baarderadeel (no. 58). Afgegeven: 25-4-1940

#### Friezen in Amsterdam

Een anekdote over de Friese Nummerbewizen met een B. Als een Fries voor 1940 met z'n auto in Amsterdam reed, kwam het vaak voor dat ie werd aangehouden door de politie, met de opmerking 'Ha daar hebben we weer een 'B' oer uit Friesland'. Of ze begonnen meteen in het Fries te praten. Want in die tijd waren veel politiemensen van Friese afkomst.

**Us Wurdskat (5)** - ynstjoerd fan Albert de Jong fan Krite Utert; boarne: 'Leargong A fan Ynstiút Fryslân)

**Gammel**, *syklik, net sterk fan ynhâlden*: Dat binne alle gearre fan dy gammele bern, dan is de iene siik en dan de oare.

**Sukkelich**, *syklik*: It âlde wyfke wie sukkelich en koe net folle mear út 'e wei sette.

**Meepsk**, *syklik, wurch fan oansjen*: Sy sjocht der meepsk út; hja koe mei dat minne waar better thús bliuwe.

**Geizich, geizenich**, *syklik*: Ien dy't der geizich útsjocht, hat in giele kleur en is net sûn. (Fakentiids wat pofferich.)

**Wanich**, *syklik, siik, net goed, mei lekken en brekken, geastlik as lichaa ml ik net yn oarder*:

Dat frommes hat in wanige kleur.

**Kant, gewûpst**, *flink, stevich, goed boud*:

It is in kante jongkeardel. Dy hurdrydster stiet kant op 'e skonken. Baas smid is in gewûpste man en net bang fan in swier karwei.

**Gewant**, *stevich, sterk*: Dat is in gewante feint, dêr kinne jo better mei ite as mei fjochtsje.

#### **BOAT**

Pake kuieret mei syn pakesizzer Pim by de rivier lâns. Pim sjocht in boat en freget: "Wat is dat Pake?" "In boat, jonkje". "En hoe skriuwst dat?" Dus Pake seit: "B.O.A.T". Efkes letter sjocht Pim wer in boat. "En dat pake?" "Ek in boat, jong". "En hoe skriuwst dat?" "Itselde: B.O.A.T". Ynienen sjocht Pim in hoovercraft. "Wat is dat Pake?" "In hoovercraft, jong". "En hoe skriuwst dat Pake?" ..... "O nee, it is doch in boat".



(ynstjoering fan Trieneke Vos)

### Ledenijs

- Yn it pleatslike krantsje fan Vianen stie in foto fan ús leden Anny en Frits Hagg-Brouwer. Se wienen op 16 novimber 2016 65 jier trouw. Reden foar de boargemaster fan Vianen om efkes del te kommen om de felisitaasjes oer te bringen.
- Yn it AD, edysje Utrecht-zuid, stie in artikel mei de kop: "*Pieter (88) fietst naar Houten voor cappucino - niets elektrisch, alleen voetkracht*". It earste kopke kofje wurdt net yn Utert set, mar ús lid Pieter van der Meer fytst dêrfoar 10 km fan Utert nei Houten. By de 'Koffiefiets' yn it fytstransferium is de kofje super, neffens Pieter. Yn de krante wurdt hy Meijer neamd, omdat Pieter syn namme net yn de krante ha wol.

### Fan de foarsitter

Op dit stuit is it hjir prachtich waar. It sintsje skynt en it is krekt boppe nul. Ik moast eins nei Leerdam foar in boadskip, mar de ruten fan de auto binne beferzen, dus ik haw earst op 'e fyts nei it doarp west om de gewoane boadskippen te dwaan. Earst foar de Kritekoer in stikje meitsje en dan fan 'e middei mar nei Leerdam en tagelyk efkes by myn dochter lâns, sy wennet yn Deil. Ik bin dan dochs ûnderweis en ticht yn 'e buert. Spitich dat de froast wer ôfrûn is foar no. Mar miskien komt it noch werom. It wie juster wol aardich om te hearren, dat der yn De Lier al reedriden is! Dat is myn berteplak, dêr't ik oant myn 2e jier wenne haw, foardat wy nei Seisbierrum ferhuze binne.

Yntusken hat de premjêre west fan ús toanielstik. Foar ús gefoel, en dat hearden wy ek fan de minsken yn de seal - gong it goed. Wy spylje ek noch út yn jannewaris en komme dan op 10 febrewaris yn Utert. Dat is in mienskiplike jûn mei ús susterkrite Seist.

Spitich dat wy 25 novimber sa hastich de seal út moasten. Van der Werf moast mei syn ferhaal oer de

Fryske Nassaus wat rap ophâlde. Ik haw der noch oer belle, se hawwe harren ekskûs oanbean, mar spitich fûn ik it al.

Dan geane wy no op nei de Krystdagen en de jierwikseling. Ik winskje jimme alle gearre, ek út namme fan de oare bestjoersleden, goede, freedsume dagen ta. Dat jimme se yn sûnens trochbringe meie! Ek foar it nije jier winskje ik jimme lok, seine en sûnens ta. Wy sjogge inoar dan wer op 7 jannewaris, op ús nijjiersgearkomste, mei in stampôtbuffet yn de Bijkershoek. Der kinne wy mei inoar fûstkje en elk wa 't der sin en nocht oan hat, kin wat oan de jûn bydrage. Jo kinne my skilje of maile. Ik bin nochal ris fuort, besykje it dan om in oere of seis op 'e jûn. Meastal bin ik dan wol thús!

Foar no winskje ik jimme alle gearre sûnens ta en in moaie desimbermoanne.



Mei golle groetnis,  
Pietie Westdijk-Kaastra

### De kritejûn mei Jan van der Werf (25 novimber 2016)

Jan van der Werf wit in hiele protte oer de Nassaus. Hy fertelde dat syn master eartiids der sa moai oer fertelle koe. Dat wie foar him reden om him te ferdjipjen yn de Nassaus. Sa is dy hobby begûn en it is - syn eigen wurden - wat út de hân rûn. Der kamen in protte persoanen lâns, tefolle om hjir te neamen. Guon nammen kinne de measte minsken wol, omdat se dat eartiids by de skiednislessen leard ha. De ynfalshoeke yn syn lêzing wie de Fryske Nassaus. Gronologysk waard ynformaasje oer de be-

stjoerders/stedehâlders ferteld. Fan al dizze minsken wienen der bylden, want sokke minsken binne altiten ôfbylde op skilderijen. Ek waard der oandacht bestege oan de huzen fan de steedhâlders. Ik neam hjir Stadhouders Hof, Prinsessehof, Kânselarij, Martenahûs, slot Oranienstein, Oranjewâld, ensfh. Ek hjirfan wienen moaie ôfbyldingen. It wie in ynteressante en ynformative kritejûn. Ik fûn it wol spitich dat wy om healwei tsienen perfoarst út de seal moasten. Der kaam sa wol hiel gau in ein oan de jûn.

Jan Piet

### De nijjersbesite fan 7 jannewaris 2017

Sa as wenstich organisearret it bestjoer foar de nijjersbesite in waarm miel. De lokaasje is lykas ferline jier **De Bijkershoek**, Van Bijkershoeklaan 250, Utrecht. It waarm miel bestiet út sop, stamppôt, neigesetsje en kofje of tee. Us lid Van der Merk haw wy ree fûn om foar ús te spyljen. Der kin fansels gesellich meisongen wurde. Fierder wol it bestjoer graach in berop dwaan op de meiwurking fan leden.

Dêrom dogge wy de

#### OPROP: Wa wol wat dwaan ?

It hat bliken dien dat de leden fan de krite hiel ûnferwachte talinten hawwe. Wy hawwe dat belibje kinnen op de kritejûn yn desimber 2010.

It bestjoer wol deselde formule tapasse foar in gesellige nijjersbesite op 7 jannewaris 2017 yn De Bijkershoek. Wy hoege net in hiele jûn te foljen, mar wat bydragen fan de eigen leden binne wolkom. De bydrage mei fan alles wêze:

- Wat fertelle oer in ûnderfining, oer in foarwerp dat jo tige nei is, of sokssa-

wat

- in (komysk) ferhaal foardrage of foarlêze
- in ferske sjonge
- in gedicht foardrage
- in muzikale bydrage fersoargje, ensfh.

Foar in goede ôfwikseling moat de bydrage net al te lang wêze: yn 5 minuten kin al hiel wat nei foaren brocht wurde.

Graach foar **1 jannewaris** opjaan by de foarsitter Pietie Westdijk, till.030 – 2318 224 en fertel efkes hoevolle minuten de bydrage duorret.

### It stamppôtbuffet op de nijjersbesite

It bestjoer organisearret in nijjersgearkomste mei in waarm miel. De keuken fan **De Bijkershoek** fersoarget dit. It bestiet út sop, soerkoal, boerkoal en hutspôt, mei woarst, speklape en gehakbal, neigesetsje en kofje of tee.



De kosten binne € 12,50. Fierder is der gjin ynlis en alle konsumpsjes binne fergees.

Se die har dingen yn de nacht en telde dreech de oeren.  
En wachte oant it deiljocht kaam mei kleardere kontoeren.

Al wie se dan ek gjin heldin, se hold wol trou de wacht.

Sy wie foar alle siken it ljochtsje yn de nacht.

Simy Silvester

### In fynst yn Starum !

In pear kear yn it jier mei ik yn it hûs ‘wenje’ fan kunde fan my yn Starum. It is harren simmerwente en yn it foarjier en de hjerst kin ik dêr dan noflik útwaaije, kuijerje ensfh. Ik mei der o sa graach wêze.

No steane der yn ‘e keamer 3 boekekasten mei allegear nijsgjirrige boeken. Fan hûs nim ik altyd lêsguod mei, dat ik dêr dan lêze wol, mar meastentiids sjoch ik in boek yn ien fan dy kasten stean dêr’t de titel derfan my oansprekt en dan begjin ik dêr oan. Tsja, en dan moat it yn dy wike wol út, want ik wol witte hoe’t it ôfrint. Ofrûne novimber haw ik der noch in pear dagen west en doe seach ik in lyts boekje mei de titel: ‘Earnst en koartswyl’. In samling folkspoëzy en foardrachten út earder tiden, mei skriuwers as Waling Dykstra en Pieter Jelles Troelstra en gearstald troch Joop Boomsma. It is útjûn yn 1979 en dat is oan de taal wol te sjen. De measte gedichten wienen te lang foar de Kritekoer, mar ik haw der twa fûn om mei jimme te dielen. De foarnammen fan ‘e skriuwers binne al bysûnder en no de gedichten noch, yn de stavering fan doe.

Trieneke Vos

#### SA MOAST HY ‘T LAPPE KINNE

- Knilles Eise de Jong (1886-1969)

Jan Krasser wie klerk by notaris Van Maas, gjin heale sint ryk, mar in goocheme baes. Hy frijde om Tetsje, in bern fan menear. Hy tocht by himsels: ‘Ha’k Tet, dan bin ‘k klear’.

Mar Tetsje, dat wie sa’n ôfgryslk model: in noas as in fûst en mei spruten yn ‘t fel. Hja wie gau bired en hja sei: ‘Bêste Jan, freegje ús heit en dan wurdst grif myn man’.

Notaris sei doe: ‘Nim it fanke, sje dêr. Sinten dy krigest net earder as ‘k stjer. Mar Jan sei: ‘Menear, né, dat lap ik hem net.

Earst jild, en dan by jo dea nim ik Tet’.

#### HOLLANSK PRATE

- Otte Sijas Akkerman (1957 - ??)

De dochter fan boer Sibbe wie in nufke fan hwer-kom-je-wei. Hja pronke en draeide en swaiede en die de greatheit altyd danich nei. Frysk prate kaem se alhiel net yn. Faek sei har heit: ‘dou skytfenyn, is dy it Frysk net mear nei ‘t sin?’ ‘Nee hoor, die taal is mij te min’. sei ‘t fanke dan. Mar op in kear moast hja foar heit ris nei menhear de dokter. Alde Sible-boer dy waerd it libben frijwat sûr. Hy sei: ‘Ik kin hast net mear rinne, trochdat myn fuotten kjeldrich binne’. Dêr woe er graach hwat guod foar ha. Doe gong it nuf nei dokter ta en sei: ‘Mijn vader heeft zo’n pijn, doordat zijn voeten kalv’rig zijn’.

**In gedicht dat oantinkens opropt**

As beuker wist ik al wat ik letter wurde woe: ferpleechster of konduktrise. Ik hie blykber, sa as elk bern, wat mei unifoarms. Doe't ik 6 jier wie, waard ik operearre oan in breuk. Doetiids wennen wy yn 'e provinsje Grinslân en ik lei yn it Akademysk Sikehûs yn 'e stêd. Doe wie foar my de kar dien: ik woe ferpleechster wurde en ek yn dat sikehûs.

Yn 1950 ferfearen wy nei Burgum, doe't ús heit dêr in gruttere smidderij keapje koe. Nei de legere en middelbere skoalle gong ik dus nei Grins. In hiele ûndernimming foar immen út in doarp. Ik wenne yn it susterhûs fan it sikehûs en mei de oare learling-ferpleechsters haw ik in soad wille hân. De oplieding wie nei it wurk en dan makken wy lange dagen.

Sa haw ik dêr de diploma's A en B en de kreamoantekening helle.

Wy hienen in fijne groep kollega's en it wie hurd wurkjen: 9 oeren per dei en 6 dagen yn 'e wike. Wy hienen 2 wiken fakânsje. Mar ja, wy wisten net oars en sa wie it libben no ien kear. Letter binne dy tiden feroare nei 8 oeren en 5 dagen.

Nei ferrin fan tiid feroare de groep. Guon boasken, oaren waarden o.k.-suster of koenen haadsuster wurde yn in oar sikehûs. Op de kreamôfdieling hienen wy in geweldige ploech. De measten woenen wat oars en se gongen sawat allegearre nei de Sociale Academie foar de oplieding wykferpleechster. Ik bin doe meigongen, ek omdat wy fuort moasten fan de kreamôfdieling om romte te meitsjen foar de nije lichter.

Doe't ik ûndersteand gedicht lies, kamen út dy perioade allegear oantinkens boppe. De wacht duorre doetiids 2 wiken. Foaral yn 'e winter, sa as no, wie dat in minne tiid: 2 wiken lang seagen wy sawat gjin deiljocht. Moarns, nei de wacht om healwei achten, hienen wy waarm iten yn it susterhûs en dan nei hûs en op bêd. Om fjouwer oere hinne der wer út en dan wie it al hast tsjuster en jûns wer de wacht yn. Om wakker te bliuwen, dronken wy in soad kofje. Wy draaiden de wacht altyd twaresom. Ofhinklik fan de ôfdieling sieten wy, as it in rêstige nacht wie, te lêzen, te studearjen of te hantwurkjen, mar der wienen ek nachten dat wy hannen te koart kamen, bygelyks by de ôfdieling sjirurgy.

Nei in jier stúdzje oan de Sosjale Akademy yn Grins bin ik yn 1968 yn Vianen te-rjochte kaam en ha dêr mei nocht en wille myn wurk – as wykferpleechster - dien.

Geke Tukker-Vos

**Nachtsuster**

Dûnk're skaden op 'e muorre van de lange wite gong  
en op it taffeltsje in lampe, dy 't har yn har ljochtring fong.  
Stil en súntsjes siet se dêr. In fertroud byld yn de nacht  
en holde sa oer alle siken twa wiken lang de wacht.

Uterlik liek se hiel rêstich, mar fan binnen wie se bang.  
Se eange van de frjemde lûden en fan de nachtlke sang.  
Dêr gie ynienen lûd de bel, fersteurde fel it stille tsjuster.  
Se skrepte dalik om oerein nei him of har, de sliep sa bjuster.

Yn de foarige Kritekoer hat al in oprop stien dat de leden har opjaan koenen. Foar de organisaasje fan it stampôttbuffet ha wy oanjûn dat de oanmelding foar 15 desimber 2016 binnen wêze moat.

➡ De lette beslissers kinne harren noch opjaan **oant en mei 23 desimber 2016**. It bedrach fan € 12,50 graach oermeitsje nei NL05INGB0000194027 o.n.f. Ponghâlder krite Selskip Fryslân. Wannear't der noch fragen binne: skilje Pietie Westdijk.

**Lânskipspine**

Op dit stuit is it begryp 'lânskipspine' tige aktueel. It slacht op it de feroaring fan it lânskip, benammen yn Fryslân mei syn protte greiden. Eartiids wie it lânskip moai, mei blomige greiden, mei fee yn it lân en in protte fûgels. Dan haw ik it noch net iens oer de pine troch de megastâlen en wynmolens. Op 24 juny 2016 hat Prof. Theunis Piersma, biolooch, oan it wurd west yn de Ljouwerter Harmonie. Dêr hat hy it utopyske ferhaal '*Dreamtinken oer Fryslân, de kommende tweintich jier*' ferteld. In ferhaal om ris oer nei te tinken yn de desimbermoanne

**Syn takomst dream:**

Om 2016 hinne kaam de omkear. De wize wêrop't oerheid, ûndernimmers, boargers en boeren oer it boerelân praten en mei it boerelân omgienen, feroare. It waard dúdlik dat de ûngerêstens oer de ûntjouwingen op it boerelân mear wienen as 'sentiminten', mear as allinnich mar in langstme nei de ferlerne blommen, flinters en greidefûgels. Der ûntstie in besef dat ûntjouwingen yn de lânbou, en yn de melkfeehâlderij, deagewoan net takomstbestindich wienen. Der kaam in besef dat, as alle maatskiplike, klimaat- en biodiversi-

teitskosten meirekkene waarden, 'goedkeape' suvel eins hiel djoer wie. Der kaam ek it besef dat bulkproduksje op 'e wrâldmerk weismiten jild is foar in lân mei sokke goede grûn en sokke bêste boeren. En der wie it besef dat dy bêste grûnwaliteit al jierren hurd efter-út draafde troch it hieltiten mar ynjekt-tearjen fan jarre, it hieltiten omsetten fan lân, it gebrûk fan gemyske bestrijdingsmiddels en de eigenmakke drûchte.

Fansels spilen der ek oare saken. By de boargers kaam lang om let it besef dat it griene lân ek in hieltiten deader lân wie, en dat dat lân harren ek nochris slompen jild koste. De soargen oer de effekten op de súnens fan de âlderein, it libbensgelok en de súnens fan 'e bern waard stadichoan wittenskiplik ûnderboud. It waard dúdlik dat de prizen fan de huzen op it plattelân te lijen hienen; de doarpen rûnen fierder leech en de huzen waarden net iens ferkocht. Der drige ek wer efkes in grutskalige feesykte. Enerzjy waard djoerder en dêrmei ek alle gesleep mei feefoer en suvel.

De oanrin nei it jier 2018, it jier dat Ljouwert de Kulturele Haadstêd fan Europa wurde soe, soarge foar in klimaat dêr't boeren, doarpsbewenners en ûndernimmers mei-inoar yn wurkje woenen oan in bettere takomst foar Fryslân; en doe gie de polityk fansels wol mei.

Troch al dy driging en urginsje kaam der sa, nei 2016, in tiid fan grutte ynnovasje, in tiid fan bjusterbaarlike kreativiteit. Under lieding fan Keninginne Máxima begûnen de banken te sykjen nei nije finansieringsfoarmen foar de nije lânbou, sloegen de boeren mei biologen, wetterkundigen en boaiemspesjalisten de hannen yninoar om te sykjen nei de bêste wize om nije libbene grûn te meitsjen en om te buorkjen mei in sa lyts mooglike humane fuotprint.

De kreative yndustry sette syn fokus op de boeren en kaam mei de iene nei de oare tûke ynnovaasje. De Ryksuniversiteit Grins fertsienfâldige yn 2022 syn ynvestearringen yn Ljouwert. Yn Grinslân waard der prottele. Der wienen guon dy't mienden dat de haadfêstiging fan Grins nei Fryslân ferhúzje soe.

Sa feroare der fan alles yn it lân. It Wetterskip ferlei syn koers fan 'rinne litte' nei 'sa folle mooglik winterwetter hâlde'. It gemaalbehear gie oer de kop en der kamen fleksibele wetterpeilen. Yn 2025 ûntstie it earste nije bûtlân, en de reidkragen by de marren lâns begûnen út harsels wer te groeien. Der waarden nije sleatten groeven en winterdeis stie in part fan it boerelân wer ûnder wetter. Dat nije wiete lânskip smiet in protte toeristyske ynkkomsten op foar de nije koöperaasjes dêr't boeren yn meidielden en -diele. Tsien jier lyn waard besletten om de nije lânynrjochting ôfhinklik te meitsjen fan de grûnsoarte. Op de klaai, op de lytse hoekjes oerbleaun fean en op it sân kamen oare kombinaasjes fan gerzen en krûden, en wat de kowetypes oanbelanget waard der ek socht nei in balâns mei de grûn. Dat joech in geweldigen ympuls oan de feefokkerij – en gâns striid fansels. Om kij te krijen dy't it bûtendoar-wêzen goed ferneare kinne, woenen guon werom nei âlde rasen en oaren krekt foarút nei nije rasen. De lisboksstâlen dy't de jarre produsearren, waarden yn rap tempo omboud ta potstâlen. Mei strie fan de eigen grûn smiet dat in moaie bedonging op dêr't de wjirms en de oare boaiembewenners it hiel goed op dienen. Der kamen ferrydberre melkrobotsjes dy't mei de nijste sinnepanielen de lytse keppels fee betsjinnen. Hiel apart, mar it is no moade wurden om op lytse iepen trekkers te riden (eartiids koe in

trekker net grut genôch wêze). En dan de fûgels! It fernuvere de biologen hoe gau oft de ljurken werom kamen; dy kinst no rûnom yn Fryslân hearre. De ljippen en tjrken en de boereswellen reagearren ek hiel fluch; fan dy soarten binne no wer trije kear safolle as yn 2016. De skriezen hienen wat mear tiid nedich, mar sûnt 2022 buorkje dy ek stadichoan foarút. It begûn yn Fryslân, mar it nije buorkjen en it ekonomyske sukses dêrfan, waard in oaljeflek dy't him foaral nei 2018 oer hiel Nederlân fersprate. Want de superspesjale suvel út Fryslân waard net allinnich goed ferkocht yn eigen lân, yn it bûtenlân is de 'Idzegea'-merksuvel ek hast net oan te slepen. Sa waard it Fryske duorsumheidswûnder in eksportprodukt! It hat der op it stuit wol oan oft de Ljouwerter hegeskoalle genôch 'sustainable agronomists' ôfleverje kin. De toeristen witte Fryslân wer te finen, wolle it leafst yn it Frysk oansprutsen wurde, want der is no in oerset-'appke', mei in earsprekkerke dy't alles *live* oerset yn de wenstige taal. Yn 2026 waarden troch Hollywood net ien, mar twa films makke dy't yn Fryslân spylje. De earste hjitte *Farmer's Choice* (op grûn fan it toanielstik *Koning van het Weiland* út 2017, skreaun troch Tjeerd Bischof en produsearre troch Pier21), mei yn de haadrol in bernsbarn fan Marilyn Streep. De twadde 'Hollywood movie' hjitte *Game of Godwits*. Dy aventoerefilm giet oer Fryske famkes en jonkjes dy't freonskip slute mei skriezen om't se in manier fûn hawwe om mei dy skriezen te praten. De film waard rûnom yn 'e wrâld in echte kaskreaker.

**Opmerking:** Piersma is mei-ynisjatyf-nimmer dielnimmer oan it boargerinisjatyf Kening fan 'e Greide en heechlearaar Trekfûgel-ekology oan de Ryksuniversiteit Grins.

### De kritejûn fan 26 novimber mei 'De lytse komeedzje'

Omdat de toanielgroep 'De lytse komeedzje' út Drachten ferline jier sa'n sukses hie mei 'Mâle Jan komt werom' ha wy de ploech ek dit jier wer útnûge mei harren nij stik 'Alle gear komeedzje'. En ek dit kear haw wy in prachtige jûn belibbe, mei wifhoefolle wurdboarterijkes en alderhande yntriges.

By famylje Van den Bogaard thús is Truus de baas. Sy hat it drok mei 'tannisjen' en oare beuzichheden bûtendoarren. Dêrom moat oare helte Marinus stofsûge, de ruten ôfnimme, ensfh. Wylst hy dêroer oan it foeterjen is, komt buorfrou Rosanna lâns. Tegearre sette se in plan op priemmen om Truus in leske te learen. Fan dat momint ôf is Marinus drok mei it folksdûnsjen; hy moetet ferskate froulju, dêrûnder in tsjep Dútsk famke. Hy moat hieltyd wer nei de repetytsjes en dat makket Truus oergeunstich en yrritearre – it hûs moat ommers skjin! Wilens hawwe de dochters út namme fan mem Truus reagearre op in oprop foar toanielspilars. Truus hâldt de boat earst wat ôf, mar jout op it lêst belies foar it sjerpstikjen fan de regisseur. Se is doch wol fergulde mei it feit dat se yn har âldens noch goed genôch is om mei te spyljen. Marinus tinkt fansels sines fan dizze relaasje.

Dit alles soarget foar in soad spraakbetizingen en misferstannen. Uteinlik komt alles goed. Allinnich: it hûs is noch hieltyd net himmele!

Nieske Schurer

### Oprop !

Wy binne al in grut tal jierren donateur fan Stichting ALDE FRYSKE



TSJERKEN en as it sa útkomt geane wy graach mei op ekskurzje nei de prachtich restaurearre tsjerken. De Stichting hat dit jier yn it heitelân in soad yn it nijs west: û.o. oer de kânselbibel fan Britsum, de tsjerken fan St. Anne en Hegebeintum – sjoch mar ris op [www.aldefrysketsjerken.nl](http://www.aldefrysketsjerken.nl).

Foar de restauraasje fan de tsjerke fan Dedzjum is okkerdeis in moai bedrach skonken troch in donateur. Finansjele help bliuwt lykwols nedich, omdat se minder subsydzje krije en der hieltiten mear fersiken komme om tsjerken oer te nimmen. En dêrom wolle wy it graach opnimme foar de wurksumheden fan de Stichting. Wy fine it stypjen wichtich foar it behâld fan ús âlde Fryske tsjerken. Noed stean foar it moaie lânskip fan Fryslân mei syn tekenjende tsjerken!

Op dit stuit is der de aksje dat nije donateurs (foar minimaal € 17,50 it jier) as wolkomstgeskink de CD "Libbene Stienen" fan Piter Wilkens krije.

Kontaktgegevens: Alde Fryske Tsjerken, Postbus 137, 8900 AC Leeuwarden; telef. 058 213 96 66; Mailadres: [info@aldefrysketsjerken.nl](mailto:info@aldefrysketsjerken.nl)

Elko en Ida Knobbe, Bunnik

**SELSKIP "MEI INOAR"**

Oprjochte op 20 desimber 1928.

It ferieningsjier rint fan 01-09 oant en mei 31-08. Opsizzing foar 01-08.

Kosten lidmaatskip: € 15,- de man; foar bankgegevens: sjoch lêste side.

**Fan de bestjoerstafel:**

It wie in noflikke kritejûn mei 'Alle gear Komeedje'. De toanielploech út Drachten hie krekt de premjêre hân, en it stik siet der goed yn. Ik leau dat ik mar ien of twa kear de ynstekster heard haw en dat hat my net steurd. De ploech belibbe der sels ek in soad wille oan en by it opstappen waard al sein: "Oant takom jier, mei wer in nij stik."

Hat Sinteklaas noch by jo op besite west? By ús hat hy gjin grutte pakken besoarge en dat hoecht ek net mear: lykas elkenien wolle wy dat der mear út giet dan dat der yn komt. Mar mei it lekkers dat hy brocht hie, wienen we doch wol fergulde.

Op 14 jannewaris hat ús krite har nijjersjûn. It miel wurdt fersoarge troch trêteur Landwaart. Dat hy beleanne is mei 3 stjerren, lies ik yn de krante: "Maartensdijk is een driesterrenzaak rijker. Geen restaurant, maar een groenteboer. Landwaart Culinair is

apetrots op de prijs en op het cijfer: 9,61". Hy hat al twa kear in gastmiel foar ús fersoarge. Op de Algemene Ledegearkomste waard sels frege oft hy net wer ynskeakele wurde koe. En dat is bard: ús ald-foarsitter Boukje Andringa is hjirfoar ús kontaktpersoan en hat de tasizzing al krigen. De kosten foar de nijjersjûn berinne € 19,50 de man, ynklusyf in drankje by it iten, in hearlik trijegongen menu, in kopje kofje of tee mei wat lekkers, én it optreden fan kabaretier Ruurd Walinga mei syn nije Fryske show 'Ut en Thús'.

Hjirûnder kinne jo lêze hoe't jo jo opjaan kinne foar de nijjersjûn.  
**OANT SJEN OP 14 JANNEWARIS!**



**It bestjoer winsket  
har leden  
NOFLIKE KRYST-  
DAGEN  
EN IN SÛN 2017**

Ida Knobbe

**Nijjersgearkomste op sneon 14 jannewaris**

De nijjersgearkomste kostet € 19,50 de man. Jo krije dêrfoar in trijegongen menu, in drankje by it miel, kofje of tee mei wat lekkers, plus it optreden fan kabaretier Ruurd Walinga.

It totaalbedrach graach sa gau mooglik, yn alle gefallen foar 6 jannewaris, oermeitsje op

NL75INGB0003486499 o.n.f. SELSKIP MEI INOAR. Jou mei de betelling teffens evt. dietwinken troch. **Jo ynlage is meidwaan.**

Dyjnge dy't net dielnimt oan it miel, mar wol graach nei it optreden wol fan Ruurd Walinga, skoot om kertier oer sânne hinne gesellich oan, en betellet € 8,00 oan de seal.

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei Trieneke Vos, 030-6916081, of Ida Knobbe, 030-6562555.

**SELSKIP FRYSLAN****Ald wêze yn dizze tiid**

't Is gewoan net foar te stellen,  
Men moat mei in mobyltsje belje.  
Men kin der ek in tekst op lêze,  
Men moat altyd berikber wêze.  
Dat kin fansels net mear gewoan,  
Mei in âlderwetske telefoan.

Wolle jo op it stasjon in kaartsje ha?  
Dan moatte jo net nei de baly ta!  
Want op dat plak krije jo it andert  
Helje it út de automaat, dat is standert  
Jo moatte dan oeral op drukke  
Mar mei wat gelok sil it wol 'lukke'  
Mar de senuwen krije jo al te pakken  
Want de rige efter jo bliuwt plakken  
En dan noch wachtsje op de bon ...  
En dyn trein rydt fuort fan it perron.

Wolle jo nei de bank om wat bûsjild mei?  
It úttellen is der al lang net mear by  
Dat hat al fierstente lange duorre,  
It jild komt hjoeddeis út de muorre.  
Mar wa't syn koade net goed kin,  
Dy kriget fansels noait in sint.

Se sizze: it is allegearre foar jo gemak,  
Mar kriget de klant wol syn gerak?

Man, man, man, wat in earmoederij,  
Foar alles moat de kompjûter der by.  
Sa net, dan steane jo bûtenspul.  
Op www en punt nl,  
Dêr fine jo alle ynformaasje  
Mar pas op foar de frustraasje;  
Want as dat ding it wer net docht  
Dan wurde jo wier samar sljocht.  
En belje dan fuort mei Microsoft  
Foardat it apparaat ûntploft.

Ach, wat in lêst yn ús minskebestean,  
Men soe der hast oan ûndergean  
Nee, it is beslist gjin aardichheid  
Om âld te wêzen yn dizze tiid.

(bewurking fan in gedicht yn 't Pronkjewail,  
dat ek wer in bewurking wie fan in gedicht  
fan Mart's computerclub)



**Keatsferiening "Melle Veenstra"  
1919 - 98 jier - 2019**

**UTNÛGING FOAR NIJJERSBESITE "KEATS"-JÛN  
OP 20 JANNEWARIS 2017**

Sa't jimme witte, bestiet der yn Hilversum in keatsferiening ûnder de namme "Melle Veenstra". Neist it keatsen yn Hilversum wurdt der alle jierren in "Jeu de boules-jûn" organisearre foar ús leden, stipers, freonen en bekenden. Op freedtejûn 20 jannewaris 2017 (19.30 oere), sil it wer heve. It liket ús tige noflik ta om alle leden fan de krite Hilversum, Utert en Seist, dy't it keatsen in waarm hert tadrage ek út te nûgjen en te moetsjen op dizze jûn. Sa kinne jimme ûnder it genot fan in spultsje "Jeu de-boules", in drankje en in hapke, kennis meitsje mei ús keatsferieniging. Foar de kosten hoege jimme it net te litten. Dizze berinne € 10,- p.p. ynkl. kofje, taartsje, drankje, hapke en gebrûk fan de jeu-de-boules-ballen. De jûn wurdt hâlden yn it Boulodrome (in waarme binnenbaan mei 10 banen) oan it Jager spaadje 26A, 1231 KJ Loosdrecht. Hawwe jimme sin om te kommen, skilje dan efkes fan tefoaren mei ús skriuwer Hendrik Visbeek, bel. 0525-655541 (h.t.visbeek@kpnmail.nl). Hy stjoert jo dan in paadwiizer. Eltsenien is fan herte wolkom. *Oant sjen op 20 jannewaris 2017.*

Mei golle groetnis,  
Hendrik Visbeek

It bestjoer fan SELSKIP FRYSLAN te UTERT  
nûget jimme út foar de

## NIJJERSBESITE 2017

op sneon 7 jannewaris

Ek fan't jier is der wer iterij: it haadgerjocht is stamppôt.  
Drankjes, kofje, tee ensfh. binne fergees.

### Programma

16.30 oere      **Untfangst mei in drankje / nijjerje**

17.15 oere      **Nijjerspraatsje fan de foarsitter**

17.30 oere      - Sop  
- Stampppôtbuffet (3 soarten)  
- Neigesetsje  
- Kofje/tee mei wat lekkers



### Oanslutend:

- Fryske ferskes sjonge mei begelieding fan Van der Merk**
- Bydragen fan de leden**  
(a) en b) dogge wy ôfwikseljend)

21.00 oere      **Sluten**

**Datum** : Sneon 7 jannewaris 2017  
**Plak** : Lokaasje 'De Bijnkershoeke', woon-zorgcentrum  
Van Bijnkershoekeklaan 250, Utrecht  
**Hoe let** : Fan 16.30 oere ôf  
**Kosten** : Foar it iten en drankjes € 12,50.  
Foar oanmelding: sjoch side 5



\*\*\*\* **BOEKEN: ALDE en NIJE** \*\*\*\*



*Nijjersjûn fan SELSKIP "MEI INOAR"*  
op SNEON 14 JANNEWARIS 2017  
yn de Noorderlichttsjerke,  
Bergweg 92B, 3707 AE Seist

Op ús nijjersgearkomste wer in treflik waarm buffet, fersoarge troch  
trêteur Landwaart út Maartensdijk. Leden fan krite Utert binne ek fan  
herte wolkom. **Foar opjaan: sjoch side 10** ←

Wannear't jo net dielnimme oan it buffet, mar wol nei de kabaretshow fan  
Ruurd Walinga wolle (tagonglik foar elkenien), dan binne jo om 19.15  
oere hinne fan herte wolkom en betelje jo € 8,00!

### Programma:

17.30 oere

**Ynrin**

18.00 oere

**Mienskiplik miel,  
mei in toast op it nije jier**

19.30 oere

**Oanfang optreden fan Ruurd Walinga**

21.30 oere

**Wer op hûs oan**



### UT en THUS

Ruurd Walinga (Aldegea-W, 1964) is sûnt 2000 mei kabaret dwaande.  
Hy wurket parttime by it Friesch Dagblad.  
Wat is der skreaun oer de ynhâld fan syn Fryske show Ut en Thús:

"Wy binne grutsk mar ek beskieden, dimmen en emosjoneel. Wy fiele ús graach earne  
thús, mar binne der ek graach út. Friezen binne faak ferdiel. Wy binne konservatyf, mar  
ek ynnovatyf; op ússels mar ek mienskiplik.

Oer al dit soart saken giet it yn de Fryske kabaretshow **Ut en Thús** fan Ruurd Walinga.

Yn it programma nimt Walinga de minsken mei fuort of sa't er  
sjongt: 'fan 'e pôle'. Ek giet er sels mei harren 'útfanhûs nei myn  
oare helte'. Dat is ek nedich om al dy bûtenlânske besikers aan-  
sen te begroetsjen dy't yn 2018 yn Fryslân komme fanwegen  
Kulturele Haadstêd. Wol freget Walinga him ôf wat wy de Euro-  
peanen te bieden hawwe. Want in soad moais is al fuort en  
opslein yn in fotolistje. Lokkich bliuwt de Fryske taal oerein en  
hat it alles yn him om in wrâldtaal te wurden. Mei in protte  
taalgrappen, pittige lieten, meisjongers en nijsgjirrige ynsichten  
is **Ut en Thús** in noflik jûntsje út."

